

Tips fan Hindrik

Hindrik van Dijk is ambulans ferpleechkundige by it team IHT Ljouwert fan GGZ Fryslân en wurket dêrneist trochsneed ien dei yn 'e wike troch de hiele provinsje en fernimt alle dagen hoe wichtich it praten fan de memmetaal is. Yn bepaalde dielen fan Fryslân (bygelyks it noardeasten) komt yn guon gefallen net fierder mei kliïnten ast gjin Frysk praatst, sa is syn ûnderfining. Hindrik hat in oantal tips foar soarchprofessionals yn de geastlike sûnenssoarch.

1. Lear in oantal wurden, sa as bygelyks in begroeting ('goeiemoarn') of in ôfskiedsgroet ('oant sjen').
2. Ast de taal net behearskest, soe ik oanriede in kursus Frysk te folgjen. Der is dochs in persintaazje kliïnten dat him net goed uterje kin yn it Nederlânsk en dan is it lestich om de djippte yn te gean.
3. Ferstiest de taal? Moedigje dan oan om de taal te brûken.
4. Freegje mar gewoan troch ast net begrypst wat dyn kliïnt bedoelt.
5. Bepaal tegearre mei dyn kliïnt dat elk syn/har eigen taal praat.
6. Hâld altyd yn dyn efterholle dat der kliïnten binne dy't wol Nederlânsk prate wolle, mar yn harren emoasje weromfalle op it Frysk.
7. Begjin mar gewoan yn it Frysk of freegje: "Hokker taal prate we hjir?"